LEEUWARDER COURANT
15 juni 2012, pag. 4

DWERS

pieter degroot

Under fjoer

CDA-steatssekretaris Dieuwke de Graaff-Nauta stie ein jierren '80 oan de widze fan de earste Bestjoersoerienkomst Fryske taal en hja wie ek de earste dy't prikken yn 't wurk stelde foar in Fryske Taalwet. Ferline jier soe de bûter lang om let jild jilde. CDA-minister Piet Hein Donner kundige de komst fan de Taalwet oan. Yn ôfwachting dêrfan waard de lêste Bestjoersoerienkomst, dy't op 31 desimber 2010 ôfrûn, net ferfongen troch in nije.
Mar sjoch noris: noch gjin Taalwet, gjin bestjoersôfspraak, it kabinet demissionêr en de demissionêre VVD-steatssekretaris Halbe Zijlstra ferpoft it om in poat út te stekken foar it behâld fan in universitêre stúdzje Frysk. As in koele rekkenmaster wiist er op it lytse tal ynskriuwingen dat it ûnmooglik meitsje soe om garânsjes te jaan (LC 13-6). Mar dat wie no krekt de reden fan de Bestjoersoerienkomst. As it oantal de trochslach jout, dan lizze

Wy, wy litte ús stúdzje Frysk net farre

lytse talen ommers algeduerich ûnder fjoer. De fan 1930 oant 1989 op- en sûnt 1990 delgeande skiednis fan de stúdzje Frysk oan de universiteiten lit dat sjen.
Yn 1989 fierde de Vrije Universiteit grutsk it fyftichjierrich bestean fan in folsleine stúdzjerjochting Frysk: 'Op deze wijze wordt niet alleen een bijdrage geleverd aan de bloei van de Friese taal en cultuur, maar houden wij ook toegang tot een rijk historisch, cultureel en literair verleden', skreau dekaan G. E. Booij yn de feestbondel. Twa jier letter waard de stúdzje opdoekt fanwege te min draachflak ûnder de VU-bestjoerders.
De Universiteit van Amsterdam sprong nei oerlis mei provinsje en Fryske Akademy yn it gat. Dat wie âld-UvA'en D66'er Aad Nuis tige nei it sin: „In de wetenschap is altijd een tweede instituut nodig om het eerste tegen te spreken.'' Mar yn 2002 wiene de oantallen wer baas.
De UvA en de Ryksuniversiteit Grins kamen in wûndere 'deal' oerien: Amsterdam stjitte it Frysk as haadfak ôf en krige dêrfoar it ferliesjaande NijGryksk fan Grins. Grins naam it Frysk fan Amsterdam oer en brocht dat yn syn al besteande stúdzjerjochting ûnder. Feitlik mocht dat gjin ruil hjitte, mar de belofte dat dêrmei it Frysk yn Grins feilich steld wie, makke in protte goed.
No wol in nij bewâld in effisjinsjeslach meitsje en it ûnderbringe yn in poule fan Europeeske talen. Dêrmei giet it de lijenswei fan in anorexiapasjint: in stadige dea. Heech tiid alsa foar in brede lobby yn de rjochting fan de politike partijen dy't kampanje fiere foar 12 septimber. Filologen aller landen verenigt u: ''Wy, wy litte ús stúdzje Frysk net farre.' Ommers, wa't de stúdzje farre lit, lit de taal farre.

> pieterjan.de.groot@planet.nl